

Wer nei stoomliedings REC sjen

25 april, 2012 - 11:28

It Wetterskip Fryslân moat nei de beswieren sjen dy't de Stichting Afvaloven Nee hat tsjin de stoomliedings fan de ôffaloven nei it sâltfabryk Frisia. Dat hat de Ried fan Steat woansdei seîn. Earder hat it Wetterskip net nei de beswieren sjoen, om't se fûn dat de stifting net yn 'e posysje wie om beswier te hawwen. De stoomliedings geane flakby de seedyk lâns wat gewoanwei net mei, mar it Wetterskip hat foar Omrin in útsûndering makke. Afvaloven Nee is it net iens mei de útsûndering.

